

## Kanttekenings by it Dingtiid-advys 'Meartaligens as kwaliteit en doel'

S.T. Hiemstra

### Ynlieding

Op freed, 3 febr. 2017 is troch *Dingtiid*, it 'Orgaan foar de Fryske taal', in dûbeltalich advys mei as titel '*Meartaligens as kwaliteit en doel/Meertaligheid als kwaliteit en doel. Advys oer Frysk yn it ûnderwiis*' te Burgum oanbean oan drs. Sietske Poepjes (deputearre foar û.o. ûnderwiis, taal, kultuer).

Ein 2016, op 22 desimber, hat it boargersinisjatyf *Sis Tsiis* mei in fakkeloftocht in demonstraasje holden ûnder it bieldwurd 'Frysk op skoalle in bernerjocht', dy't gâns belangstelling lutsen hat en omtinken krige yn de regionale en lanlike parse.<sup>1</sup>

### Algemien

It *Dingtiid*-rapport jout yn par. 2 in hoeden formulearre *negatyf* byld fan de kwantiteit en kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk (as fak en as fiertaal). Dat advys hat al aardich wat reaksjes útlokke, û.o. fan Pieter de Groot yn de *Ljouwerter Krante* (10 febr. 2017), Jabik van der Bij yn *It Nijs* (6 febr. 2017) en Friduwih Riemersma (*Fers2*, nû. 3.3., 12 febr. 2017). Ek yn de rûnten fan *Sis Tsiis* en de *Feriening Frysk ûnderwiis* (FFU) waard en wurdt it fan kommentaar foarsjoen.

Van der Bij leit yn syn 'De skoalle kin it net allinne' (*It Nijs*, 06-02-2017) de oarsaak fan dat minne plak fan it Frysk yn it ûnderwiis nochal iensidich by de Fryske 'mienskip'. Hy sinjlearret dat it *Dingtiid*-rapport him hielendal beheint ta it ûnderwiis en dat de ynbêding yn de *mienskip* dêryn ûntbrekt.<sup>2</sup> Van der Bij jout gjin omtinken oer it slim tekoartsjittende

<sup>1</sup> *Friesch Dagblad (FD)*, 26-11-2016: Abe de Vries en Friduwih Riemersma, 'Goed Frysk op skoalle: in bernerjocht' (s. 26);

- *FD*, 19-12-2016: 'Manifestatie. Veel zangers steunen oproep voor beter Fries in het onderwijs' (s. 23);

- *FD*, 03-12-2016: Pieter Atsma, 'Schoolvak Fries wordt minder vrijblijvend' (s. 24);

- *Leeuwarder Courant (LC)*, 19-12-2016: 'Prominenten voor actie Fries onderwijs' (s. 21);

- *LC*, 23-12-2016: Maria Del Grosso, 'Lol en ernst bij actie voor beter Fries onderwijs' (s. 23);

- *FD*, 23-12-2016: 'Sis Tsiis: Met fakkels en fluiten door de stad voor beter Fries onderwijs' (s. 1);

- *FD*, 23-12-2016: Geert Veldstra, 'Fakkeltocht trekt ook mensen van buiten Fryslân', (s. 23; 'Hoofdartikel', s. 2);

- *NRC*, 23-12-2016: 'Taal. Vuur voor Fries' (s. 6);

- *Trouw*, 23-12-2016: Laura van Baars, 'Fries kunnen verstaan gaat veel scholen al ver genoeg' (s. 11);

- *LC*, 30-12-2016: Atze Jan de Vries, 'Voldoening provincie over Friestaligheid verbaast' (s. 1);

- *LC*, 30-12-2016: Pieter de Groot, 'It goede foarbyld', (kollum 'Dwers', *Freed*, s. 8);

- *LC*, 29-12-2016: Aant Mulder, 'It wurdt tiid foar de omkearde wei' ('Te Gast', s. 21);

- *FD*, 13-01-2017: Geert Veldstra, 'Fries moet als volwaardig schoolvak worden geaccepteerd' (s. 35);

- *LC*, 19-01-2017: Eddy Drost, 'Ontheffingsbeleid Frysk slechte zaak', ('Opinie', s. 18);

- *LC*, 04-02-2017: Atze Jan de Vries, 'Leerlingen langer naar school voor Friese les. De knop moet om en meertaligheid is de sleutel vindt DINGtiid', (s. 13);

- *LC*, 08-02-2017: Maria Del Grosso, 'Sis Tsiis onderzoekt rechtsgang' (s. 25);

- *LC*, 09-02-2017: 'Sis Tsiis richt pijlen eerst op de politiek' (s. 3);

- *LC*, 10-02-2017: Pieter de Groot, 'Heal wurk' (kollum 'Dwers', *Freed*; s. 8).

<sup>2</sup> Jabik van der Bij: 'ûnderwiis is in produkt fan de *mienskip* dy't it tsjinnet. As de mienskip earne belang by hat, dan sil dat yn it ûnderwiis te fernimmen wêze. Foar it Frysk wurket dat krektgelyk: as de mienskip ûnferskillich foar it Frysk oer stiet, sil it yn it ûnderwiis ek net mienens wurde om it Frysk krekt as oare fakken te behanneljen. Feroaring fan it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis moat yn de mienskip begjinne. Dy moat op syn

oerheidsbelied of it net neikommen fan ynternasjonale ferdraggen en it folslein net tarikkende plak fan it Frysk yn de steatsnasjonale wetjouwing. Men fynt ek gjin wurd oer de slim behyplike keardoelen foar it Frysk en de relative ûnmacht fan de provinsje om it Frysk in lykweardich plak yn it hiele Fryske ûnderwiis te jaan.<sup>3</sup>

Tom Dykstra (foarsitter *FFU*) is yn syn kommentaar (d.d. 09-02-2017) op Van der Bij syn kollum fan betinken dat de útspraak fan in bekende ûnderwiiskundige, dat ‘education cannot compensate for society’ – en dêr liket Van der Bij mei wat oare wurden op te doelen –, te maklik is. De skuld leit net allinnich by de ‘mienskip’ (of de ‘society’). De Friezen wolle har taal net ferlieze, binne net ûnferskillich, mar de âlden doarre harren bern net as proefkyn yn te setten om kapsje te meitsje op it tekoart oan ûnderwiis yn it Frysk. De *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) hat dêr jierrenlange ûnderfining mei. Mear oeren nei skoalle yn Fryslân, om it Frysk better syn gerak te jaan, is grif in opsje, mar sil protesten útlokje. Dat sil, neffens Dykstra, ek net los sjoen wurde meie fan it ferbetterjen fan it plak fan it Frysk troch it *hiele* skoalprogramma hinne, bgl. troch *yntegrable* meartalige learmiddels foar in hiele rige fan fakken te ûntwikkeljen. Foarm en ynhâld fan learmiddels moatte fandatoangeande stipe wurde troch in effektivere tiidsyndieling en in optimaal brûken fan *translanguaging*.<sup>4</sup>

Pieter de Groot kritisearret yn syn *LC*-kollum ‘Heal wurk’<sup>5</sup> (d.d. 20-02-2017) it neffens him tekoartsjittende perspektyf fan de *meartaligens* út it Dingtiid-advys: ‘Yn stee fan alle kaarten op it Frysk te setten, kieze se foar it perspektyf fan de meartaligens. Har redenaasje giet út fan in ideale meartalige takomst, dy’t âlden fan har skepsis befrijt. Dy soene ynsjen dat “[...] meartalich ûnderwiis net ornearre is om it imago fan it Frysk op te fizeljen, mar om gebrûk te meitsjen fan de geunstige meartalige útgongssituaasje fan learlingen, dy fierder te ûntwikkeljen en harren dêrmei de bêst mooglike basis foar ferfolchstúdzje en karriêre te bieden. Hokker skoalle, hokker âlder wol dat no net?’” De Groot ornearret dat yn sa’n ideale takomst dy grutte omslach yn it tinken (‘[...] fan de mindset “Frysk is fan minder wearde”, nei de mindset “meartaligens as kwaliteit en as doel”’) grif net al te dreech wêze sil, mar dat yn de slûpende wurking fan dy meartaligens it Frysk krekt *fanselsprekkend* achte wurdt. En safier is it neffens De Groot fan syn libbensdagen noch net.<sup>6</sup> Hy slút syn kollum ôf mei “[...]

---

minst lykop rinne mei ferbetteringen yn it ûnderwiis. As de befolking wol dat it Frysk in plak kriget dat lykweardich is oan it Hollânsk, dan kin dat net bûten de skoalle omgean.’

<sup>3</sup> Sjoch ek: Sytze T. Hiemstra, ‘It “*Europeesk Hânfêst*” en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid ta it oanspannen fan juridyske prosedueres’ (Drachten, 20 jannewaris 2017; 27 siden) en Sytze T. Hiemstra (inred.) & P. Bergsma, J. van der Bij, T. Dijkstra, S.T. Hiemstra, R. Salverda, R.W. Valk, *Oanfalsplan Frysk. Nei in fersterking fan de posysje fan it Frysk yn alle maatskiplike domeinen* (Drachten/Ljouwert: Printe troch de provinsje Fryslân, 2<sup>de</sup> printinge, 110 siden; ek oan te klikken op [www.ffu-frl.eu](http://www.ffu-frl.eu) by ‘Publikaasjes 2008’).

<sup>4</sup> Tom Dykstra is foarsitter fan de *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) en jout syn kommentaar yn in e-post-berjocht oan my (d.d. 09-02-2017). Ik haw, mei tank, syn opmerkings ferwurke yn myn kanttekenings by it *Dingtiid*-advys.

<sup>5</sup> Pieter de Groot, ‘Heal wurk’, *Leeuwarder Courant* (‘Freed’, kollum ‘Dwers’, 20-02-2017, s. 8).

<sup>6</sup> De Groot: ‘Der binne mar 72 trijetalige basisskoallen, dat is 17 persint. By lang net al dy skoallen wurdt it Frysk folweardich behannele, om’t de leararen, mei of sûnder foech, har net wis genôch fiele en/of gjin stipe krije fan har bestjoer. Dingtiid seit it sels. Koartsein: it is bedroefd. Bring dêrom earst it Frysk ûnderwiis op peil op alle fjouwerhûndert basisskoallen en lit “**Frysk** as kwaliteit en doel” it biedwurd wêze. Dêrnei prate wy wol fierder.

Fierder moat erkend wurde dat de rûnom ferliende ‘parsjele’ ûntheffingen oant no ta net it doel tsjinne hawwe dat de kommisje Hoekstra der mei foar eagen hie, te witten dat de skoallen der stapke foar stapke oan wenne oant de ûntheffingen net mear nedich binne. Mei al dy ûntheffingen en ‘differinsjaasjes’ (foar pabo-studenten) wurdt it foarsteld as is it Frysk in drege taal dy’t hast net te learen is. Mar se binne inkeld mar betocht om de wjersin dy’t der yn brede rûnten tsjin Fryske lessen bestiet, wat draachlik te meitsjen.

en ik haw soarch dat elk, de provinsjale politisy en ek de sêfte dokters fan Dingtiid, der tsjinoan skytskoarret om dat te beneamen, bang foar te min draachflak. En dus bliuwt it by heal wurk. Sis Tsiis riedt alwer in nije demonstraasje ta.’

Friduwih Riemersma konstatearret yn har essay oer ‘*Ideology en symptoombestriding. It Dingtiidadvys oer Frysk yn it ûnderwiis*’<sup>7</sup> (Fers2, 12-02-2017) dat de 20 losse advizen fan Dingtiid net ûnderboud wurde mei in probleemdefinysje, gjin probleemanalyze jouwe en net in oplossingsystematyk biede, dat se stykjen bliuwe yn ‘oerflakkige symptoombestriding’ en tekoartsjitte yn *konkretens*. Dingtiid hie de oerheid advisearje moatten om op koarte termyn folslein útfiering te jaan oan kêst 8 fan it *Hânfeest*. Net allinnich fan *rjochten*, mar ek *etysk* heart de oerheid syn ferplichtings nei te kommen. It Dingtiid-*betingst* dat âlden, skoallen en de maatskippij it belang fan meartaligens (it *meartaligensperspektyf*) ûnderskriuwe (moatte soene), sjocht frou Riemersma as in losse flodder as der neat of amper wat feroaret op it mêd fan it Frysk yn it formele, bestjoerlike en amtlike ferkear en as (hast) alle offisjele kommunikaasje mei en troch de skoalle yn it Hollânsk ferrint. It Frysk wurdt troch de measte minsken noch te folle as in kurieuze hobby sjoen. Dy hawwe, neffens frou Riemersma, de ûnderfining dat dêr gjin of amper ekonomysk ferlet fan is of sosjale wurdearring foar is. It probleem fan de ‘dyglossy’<sup>8</sup> en it ferskil yn taalstatus en taalmacht tusken Hollânsk en Frysk bringt *Dingtiid* (en de oplossing dêrfoar) net op it aljemint. De noch altiten sterk oerhearskjende ‘ientalige’ noarm (it sintrale plak fan it Hollânsk as standerttaal) yn en bûten it ûnderwiis liedt boppedat ta gâns *ynterferinsjes* (hollânismen) yn it Frysk en de kwalitative delgong dêrfan.<sup>9</sup>

It *perspektyf fan de meartaligens liket* my likegoed frij swak, omdat de measte minsken op ierde al meartalich binne en soks neat feroaret oan de ûngeunstige begjinsitaasje fan de minderheidstalen en de sprekkers dêrfan. De lege(re) status en it tekoart oan taalmacht wurde mei dat begjinsel absolút net opheft. It Frysk ferkeart yn it eigen taalgebiet yn in diglossiasituaasje, mei it Frysk as ‘minderweardige’ taal en it Hollânsk (‘Nederlands’) as ‘mearweardige’ taal. As it Frysk net ta *earste* taal makke wurdt yn it eigen taalgebiet, sil soks liede ta hieltiten minder taaloerdracht en sprekkers. De Ried fan de Fryske Beweging hat dat yn 1991 al as eask steld yn syn ‘*Manifest: Eigen taal ... earste taal*’ en ek yn it *Oanfalsplan Frysk* (2008) is dat wer fannijs mei krêft bepleite. In treflike ynternasjonale boarne op dat mêd is ‘*Lingusitic Justice*’ (2011) fan Philippe Van Parijs (sjoch ek fierderop).

In *bewustwurdingsstrategy* sil gjin fertuten dwaan as de besteande, foar it Frysk ûngeunstige taalmachtsferhâldings en de taalgedrachskoaden net tagelyk ombûgd wurde yn it foardiel fan de eigen minderheidstaal. In oerheid dy’t tebekskrillet foar sokke maatregels, kin himsels mei it foarnimmen ta it ynsetten fan in bewustwurdingsstrategy maklik in ferlechje ferskaffe om krekt dat fûnemintele probleem net oan te pakken. Sa’n strategy is lykwols in folslein net-funksjoneel ynstrumint as de oerheid himsels ûntslacht fan de plicht om wetten en ferdraggen

---

It is al sa faak sein: it Frysk hat inkeld mearwearde as der wat mei te fertsjinjen falt. Set foar ûnderwizers yn spee in fikse bonus op it heljen fan it foech Frysk en set se fuort yn in hegere salarisskaal. It sil de oaren leare. En langer nei skoalle gean foar Fryske les, sa’t by de presintaasje fan it rapport yn Burgum útsteld waard, is allinne mar helber as it Frysk maatskiplik relevant is. As de bern der letter yn har wurk net sûnder kinne. Mar yn Fryslân kinne jo der skoan sûnder. Allinne as jo jo yn it Ingelsk rêde kinne, hawwe jo in streekje foar. Lang libje de meartaligens.’

<sup>7</sup> Friduwih Riemersma, ‘*Ideology en symptoombestriding. It Dingtiidadvys oer Frysk yn it ûnderwiis*’ (Fers2, nû. 3.3, 12-02-2017).

<sup>8</sup> Sjoch foar it begryp ‘diglossia’ ek K. Boelens e.o., *Twataligens* (Ljouwert: AFUK, 1981), de siden 185, 186, 187, 203).

<sup>9</sup> Friduwih Riemersma, Fers2 (nû. 3.3., 12-02-2017).

neffens de letter en de geast út te fieren en om troch nije wet- en regeljouwing dy diglossia yn gâns maatskiplike domeinen, dus ek yn it ûnderwiis, oan te pakken.

### Opmerkings by paragraaf 3 ‘Wat falt ús op?’

Yn paragraaf 3 mei de kop ‘Wat falt ús op?’ wurde in rige observaasjes beskreaun. By punt 3 wurdt konstataarre dat de Nederlânske wet formeel romte jout ‘foar ûnderwiis fan en yn it Frysk, mar dat dy noch net omset binne nei taal- en personielsbelied of nei ymplementaasje yn de praktyk: it ûnderwiis ûnderkent de rol fan de provinsje noch net en de skoallen fiele gjin eignerskip’.

By punt 4 wurdt referearre oan de einrapportaasje troch de Ried fan Europa oer Nederlân (d.d. 14 des. 2016) en de oanbefelling út dat rapport ‘dat Nederlân de ûnderwiiswetjouwing sa yn rjochtsje moat dat it ûnderwiis yn it Frysk kwantitatyf en kwalitatyf foldocht oan de minimumstandert fan goed ûnderwiis yn de erkende minderheidstalen’. De driuwende needsaak dêrta haw iksels ek op it aljemint brocht yn myn bydrage foar it EBLT ‘*It “Europeesk Hânfêst” en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid ta it oanspannen fan juridyske prosedueres*’ (20-01-2017).<sup>10</sup>

It ûnderwiis funksjonearret yn de regel as in behoarlik sletten systeem, mar de macht fan de (noch altiten Haachske) sintrale oerheid om dêr ynfloed op te hawwen – as dy dat écht wol – kin behoarlik grut wêze (sjoch mar hoe’t dy oerheid ‘taal’ [= Hollânsk/ ‘Nederlands’] sintraal set yn it ûnderwiis en de behearsking dêrfan ôftwingt). De provinsje hat wat dat oanbelanget noch amper écht foech. Oer de needsaak fan in wier stjoerende rol foar de Provinsje (fia foar it Frysk tarikkende wetjouwing) hie *Dingtiid* neffens my wol mear omtinken jaan kinnen.

It liket my winsklik en needsaaklik om nije en tarikkende ûnderwiiswetjouwing te ûntwikkeljen foar it Frysk, omdat ek it *Hânfêst* gjin of amper sanksjemoglikheden liket te bieden om soks ôf te twingen.<sup>11</sup> It is, tinkt my, boppedat fan it grutste belang dat it *autonome* foech foar it hiele ûnderwiis yn Fryslân oerhevele wurdt nei de Provinsje Fryslân, sadat it Haachske ûnderwiisbelied dat net langer frustrearje kin. Dat belied hat al mear as twa iuwen ien grutte ellinde en argewaasje west en hat laat ta grutte skea foar it Frysk.<sup>12</sup> En de Provinsje

<sup>10</sup> Sytze T. Hiemstra, ‘*It “Europeesk Hânfêst” en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid ta it oanspannen fan juridyske prosedueres*’ (Drachten, 20 jannewaris 2017; 27 siden). Bydrage foar it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT) en oaren.

<sup>11</sup> Sjoch op side 26 fan myn bydrage foar it EBLT (en oaren) ek de ‘Konklúzjes en oanbefellings’:

‘1. It soe neffens my hiel wûnderlik wêze en it wol my perfoarst net oan as it nét neikommen fan beskate ûnderskreaune bepalings út ynternasjonale ferdraggen (dy’t ek noch boppe de nasjonale wetten steane), op gjin inkelde wize by in rjochter toetst of ôftwongen wurde kinne soe. Kêst 8 fan it Hânfêst is neffens my ‘konkreet’ genôch om elts (fer)bine te kinnen en dêr in rjochterlik oardiel oer útsprekke te litten.

2. En mocht ik it ûnferhope dochs noch mis hawwe, dan wurdt it heech tiid om de Nederlânske wetjouwing yn oerienstimming te bringen mei kêst 8 fan it Hânfêst foar wat it ‘substansjeel’ (primêr ûnderwiis, ynklusyf de ekspertizesintra) en ‘yntegraal’ (fuortset ûnderwiis, ynklusyf de ekspertizesintra) part oanbelanget en dat út te wreedzjen mei in kêst oer de ferplichting yn it beropsûnderwiis.’

<sup>12</sup> Sjoch bgl. de trije artikels fan my yn it jubileumnûmer fan *Nij Frisia* oer ‘*Hûndert jier Jongfryske Mienskip*’ (jrg. LXIV, nû. 4, 152 siden) mei as titels: ‘Jongfriezen yn aksje foar ûnderrjocht en foarming yn it Frysk (I): 1915-1945’ (s. 17-45); ‘Jongfriezen yn aksje foar ûnderrjocht en foarming yn it Frysk (II): 1945-1975’ (s. 61-90); ‘Jongfriezen yn aksje foar ûnderrjocht en foarming yn it Frysk (III): 1975-2015’ (s. 119-150). Der is ek in soad oer te finen yn it standertwurk fan Sjoerd van der Schaaf, *Skiednis fan de Fryske biweging* (Ljouwert: De Tille, 1977) en bgl. by Gjalt R. Zondergeld, *De Friese Beweging in het tijdvak der beide wereldoorlogen* (Leeuwarden: De Tille, 1978; proefskrift) of yn Koen Zondag syn *Lange oanrin, koarte sprong. Twatalich ûnderwiis yn Fryslân tusken 1800 en 1980* (Ljouwert: Fryske Akademy, 2011) en syn *Annotearre bibliografy by Lange oanrin, koarte sprong* (2015).

is noch altiten in slim ûnmachtich orgaan as it giet om it ôftwingen fan it *Hânfêst*. Yn it ramt fan dy nije wetjouwing kin ek it plak fan it Frysk yn de WEC<sup>13</sup> en it beropsûnderwiis einlings ris goed regele wurde.

Ûnder punt 7 fan par. 3 wurdt konstataarre dat der gloednij (digitaal) materiaal beskikber is foar Frysk- en meartalich ûnderwiis yn it basis- en fuortset ûnderwiis, mar net sein dat soks net geskikt is foar *yntegraal* trijetalich ûnderwiis. Dat freget om in oar soarte fan learmiddels dy't ek in oplossing biede kinne foar wat ûnder punt 10 konstataarre wurdt, nammentlik dat der *systeemskieding* is tusken de talen en it probleem dat TTU-skoallen (mei Ingelsk as fiertaal) *gjin ferbining lizze* mei it konsept fan meartalich ûnderwiis (mei Frysk en Ingelsk as fak en fiertaal). It opheffen fan dy *systeemskieding* freget lykwols om *nije, oarsoartige* noch gear te stallen *yntegraal* trijetalige lear- en helpmiddels (benammen *digitale* om dy hieltiten mar wer flot by de tiid hâlde te kinnen en om de sterk motivearjende krêft dy't dêrfan útgean kin).

Sjoch fierderop noch in koarte taljochting op dy *yntegrale* learmiddels en op it begryp *dûbelde* yntegraliteit as it om de teksten en de fakterminology yn de trije talen giet. Soks freget aanst om in jierrenlange ynvestearring yn saakkundigens, d.w.s. yn gearstallers dy't taalkundich *hiel goed* thús binne yn de trije talen, yn didaktisy en yn kenners fan fakynhâlden en fan ict'ers, dy't *kultuerpedagogysk* goed gearwurkje (kinne) foar it gearstallen fan *yntegrale learplannen* en dy't *yntegraal meartalich lesmateriaal* meitsje kinne foar de ûnderskate fakken en leargebieten. Soks freget ek jierrenlang struktureel fiks wat jild. Oars wurdt it neat!

## Opmerkings by paragraaf 6 'Advizen'

*Koarte termyn:*

*tema: eignerskip*

1. *In bewustwurdingskampanje*. Sa'n strategy sil neffens my gjin bliuwende fertuten dwaan as de wet- en regeljouwing net better wurdt (sjoch ek hjirboppe).
2. *Konsept fan it heit-en-mempanel*. Dat útwreidzje nei de basisskoalle en it fuortset ûnderwiis achtsje ik in goed idee.

---

<sup>13</sup> De lêste desennia haw ik my, sûnt 2004 ek as skriuwer fan de *FFU*, ferskate kearen rjochte ta de Provinsje, it Ryk en de politike partijen om it Frysk as fak en fiertaal te ferplichtsjen yn de *Wet op de Ekspertizesintra* (WEC). Ik haw *Dingtiid* dêr ek oer oanskreaun (maild) en dêrby alle relevante stikken en publikaasjes taheakke. Omdat in ynhâldlike reaksje útbleau, haw ik op 10-02-2015 *Dingtiid* foar de *twadde* kear oanskreaun (maild) en frege wêrom't in reaksje útbleau. Omdat it wer stil bleau, haw ik op 11-12-2015 myn needgjalp ('It keallet swier, al 35 jier! Hooplik komt der noch wat fan op 'e hispel.') oer it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis foar de *tredde* kear ferstjoerd (wer mei de taheakke stikken). Op 'en nij gjin ynhâldlike reaksje. Op 29 maart 2016 folge in *fjirde* besykjen (al wer mei de relevante stikken). It bleau stil. Doe't my bliken die dat yn it op 3 febr. 2017 yn Burgum presintearre *Dingtiid*-rapport 'Meartaligens as kwaliteit en doel' mei gjin wurd rept waard oer de WEC, haw ik it foar de *fiifde* kear besocht en de hearen Klaas Sietse Spoelstra (foarsitter *Dingtiid*) en Freddy Weima (lid fan *Dingtiid* foar it ûnderwiis) *persoanlik* in e-postberjocht takomme litten (mei wer alle stikken). Op 25-02-2017 krige ik in mailtsje werom fan foarsitter Spoelstra: '1. Wy sille de evaluaasjes en de deroan keppele aksjes fan it Europeesk Hanfest troch om te sjen of't we der advys oer jaan kinnen nei BZK. Sa as sein stie dit al op ús programma foar dit foarjier: We wille dyn stik deryn meinimme foar eftergrûn. 2. 20 maart sil Freddy neffens my oanskowe by jim [FFU-]fergadering. 3.WEC: wy sille hjir specifyk nei sjen. Tjallien: wolst do dizze punten op 'e DINGtiid aginda fan Maart pleatse?' Yn alle wanhoop hie ik my op 05-02-2017 ek mar ta de nije deputearre foar taal en kultuer (drs. S. Poepjes) rjochte en op 14-02-2017 kaam der in *Frysktalige* reaksje fan in provinsjaal amtner (Harmen Akerboom) yn de foarm fan in útnûging foar de FFU foar oerlis mei deputearre Poepjes en op 02-03-2017, fia in *Hollânsktalige* mail fan Fenna Miedema, bestjoersekretaresse fan deputearre S. de Rouwe, mei in útstel foar de datum fan 15 maart 2017. Mei deputearre Poepjes hat op dy datum op it Provinsjehûs in tige nuttich earste petear west, dat yn july 2017 in ferfolch krije sil yn de foarm fan in twadde petear.

3. *It fersterkjen fan it ûnderwiis yn it Frysk op alle nivo's*. Dat achtsje ik tige needsaaklik, dus net allinnich yn it foarskoalsk, (regulier) basis- en fuortset ûnderwiis (mei in *ferplichting* as eksamenfak lykas by Nederlânsk), mar ek fia in wetlike ferplichting yn it beropsûnderwiis en yn de Ekspertizesintra (de saneamde WEC-skoallen). Dêrby moat benammen it brûken fan it Frysk as fiertaal as 'aanmerkelyk en integraal deel' fan it learplan sa fêstlein wurde dat de taalrykdom fan it Frysk yn syn folle breedte en de wenstige terminology fan de ûnderskate fak- en leargebieten ek yn it Frysk (bgl. njonken it Ingelsk en it Hollânsk) yn skoalboeken en oare learmiddels oeral *foldwaande dekkend* oan bod komt.

4. *Foech Frysk opnimme yn de bekwamenseasken*. Dat liket my in hurd (râne)betingst, oars bliuwt it struktureel in lijen mei de kwantitative en kwalitative ymplementaasje fan it Frysk op alle nivo's. Der sil ek goed spesifisearre wurde moatte foar wa't dy bekwamenseasken jilde moatte.

5. *In bettere stjoering en regy*. Dat is needsaaklik, mar hoewol't der formeel oerdracht fan in stik(je) foech nei de provinsje is, is dy oerdracht tige beheind en bûn oan betingsten (as men de wet goed lêst!), sadat yn de praktyk dat foech net goed útoefene wurde kin. Dy frustrarjende beheiningen en betingsten (bgl. oangeande de wetlike twang ta 'oerlis' en 'foldwaande draachflak') moatte sa gau mooglik ferdwine.

6. *Meartaligens in eask yn fakatueres*. Soks achtsje ik in tige goed ding, omdat sa'n funksje- en beneamingseask positive gefolgen hawwe sil foar it ûnderwiis. ûnderwiis folget ommers suver altiten it 'belang' dat oan it Frysk yn oare maatskiplike domeinen (bgl. de provinsje, gemeenten, wetterskip, rjocht) takend wurdt. Mar der binne, bûten it bestjoerlik en juridysk domein, mear mêden tinkber om it Frysk binnen dy meartaligens in *folweardich* plak te jaan. Te tinken falt oan *alle* 'uniformearre' tsjinstferliening, bgl. yn de medyske sektor (net allinnich de ferplegers, mar ek de dokters!), oan de soarchsektor, de polysje en de brânwar. En oan de subsidiearre ynstellings (beskate media, kultuersektor).

7. *Ferbinen fan de meartaligens oan de jierlikse Fryske ûnderwiispriis foar basis- en fuortset ûnderwiis yn 2017 en 2018*. Dat achtsje ik in tige aardich idee.

8. *Taalplan Frysk as basis foar it hifkjen fan de kwaliteit yn en fan it Frysk*. No al ta aksje oer te gean, achtsje ik ek needsaaklik, mar oft de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk dêr foldwaande mei hifke wurde kin, moat noch mar ôfwachte wurde, want dat wurdt beskaat troch in (ferplichte) learplan dêr't it Frysk yn al syn fasetten en taalrykdom (idioom) by alle ûnderwiisfoarmen in *folweardich* plak yn krije moat.

*Tema: ynklúzje (ferbining/gearwurking)*

9. *Organisaasjefoarmen skeppe foar bestjoeren en koepels om meartaligens as kwaliteit en doel te bepraten, yn belied op te nimmen en yn alle groepen en klassen yntegraal yn te fieren, mei as eindoel de trijetalige skoalle mei Ingelsk-Frysk-Hollânsk as doeltaal en fiertaal by oare leargebieten*. Dat liket my ek needsaaklik, mar soks kin en mei net los sjoen wurde fan it soargjen foar in *taalwet* dy't it Frysk ta *earste taal* makket yn bgl. it iepenbiere libben, bestjoer, ûnderwiis en rjochtspraak (ferl. it *Manifest: Eigen taal .... earste taal!* fan de Ried fan de Fryske Beweging (fan 16 nov. 1991)<sup>14</sup> en it 'Oanfalsplan Frysk' (2008)<sup>15</sup>. As it Frysk

<sup>14</sup> Sjoch: Ried fan de Fryske Beweging: *Manifest: Eigen taal ... earste taal!* (It Hearrenfean, 16 novimber 1991): 'Yn it ramt fan de hjoeddeiske Nederlânske steat hat it Frysk oant no ta net it rjochtlik plak yn it iepenbiere libben krigen, dat it neffens reedlike útgongspunten en demokratiske, beskaafde noarmen takomt. Dat besjut dat der mear mooglikheden komme moatte foar de Fryske taal en kultuer om har te ûntjaan. [...] De ynternasjonalsearring liedt ta in hieltyd tanimmend ferlet fan in Europeeske taal foar algemien gebrûk. De Ried is fan betinken dat dêrnjonken alle folken yn Europa, en dêrmei it Frysk folk, har grûnrjocht op frije taalkar dêryn útoefenje kinne moatte en sadwaande mear mooglikheden krije op in eigen ûntjouwning. It betsjut ek dat de âlde ferhâldings mei in sosjaal-ekonomyske, bestjoerlike, planologyske en kulturele oerhearsking fan ien steatssysteem feroarje moatte sille. Fryslân moat as bestjoerlik ienheid, as Europeeske regio, lykwols bestean bliuwe. Om dy reden stiet de Ried fan de Fryske Beweging oan op de ynfiering fan *in taalwet dêr't yn it Fryske*

yn sokke domeinen net wichtich makke wurdt, dan sille ek *ûnderwiisorganisaasjefoarmen* net foldwaande effektyf wêze kinne.

Datselde wurdt ek mei foarsje ferdigene troch de polityk filosoof Philippe Van Parijs yn syn boek oer ‘Linguistic Justice’ (1<sup>ste</sup> pr. 2011; as paperback yn 2015).<sup>16</sup> Hy ponearret de stelling dat eltse taal it rjocht hat om earne ‘Queen’ te wêzen, d.w.s. yn en op ien beskaat territoar as de wichtichste (*earste*) taal te funksjonearjen. Talen sûnder grûngebiet dêr’t dy taal de haadrolle yn spilet, hawwe it dreech om harsels te hanthavenjen.

Neffens it *Oanfalsplan Frysk* (2008) kin allinnich it ûnderwiis in taal net rêde, mar it ûnderwiis kin wol tige bydrage oan it behâld en fuortsterkjen fan in taal as yn in stikmannich krúsjale maatskipliken domeinen behearsking fan it Frysk needsaaklik makke wurdt en dat is yn Fryslân noch lang net it gefal. Dy needsaak soe *Dingtiid* mei klam nei foaren bringe moatte.

10. *Trochgeande learline*. Ik achtsje in trochgeande learline foar de Fryske taal en kultuer (ynklusyf de skiednis fan de Friezen en fan it Frysk!) in ûnderwiiskundige en kultuerpedagogyske needsaak oant en mei (ferplichte) eineksamens foar Frysk, lykas dy foar it ‘Nederlands’ ek besteane. Der meie op gjin inkeld momint ‘gatten’ falle foar *alle* learlingen út ús provinsje. Dêr sil in *wetlike regeling* foar komme moatte dy’t fandatoangeande fakultativens en frijbliuwendheid ûnmooglik makket.

*Tema: kwaliteit/kontinuiteit*

11. *Differinsjaasje oanbringe yn it foech Frysk om op nivo ynstreame te kinnen*. As soks betsjut dat der ek in differinsjearre útstream ûntstiet en dy *ferskillende* útstreamnivo’s op it sertifikaat oanjûn wurde, dan kin soks maklik liede ta in ûnfoldwaande behearsking fan it Frysk, mei al syn negative gefolgen foar de taal- en kultueroerdracht oan kommende generaasjes. It foech moat neffens my altiten in goed omskreaun en foldwaande te toetsen *heech* einnivo garandearje en dat kin it bêste berikt wurde troch yn de *tiid* te differinsjearjen. Jou studinten mei in mindere begjinsituasje *langer* de tiid om oan de stelde einddoelen en kwaliteitseasken te foldwaan.

*taalgebiet it Frysk de status fan earste taal yn kriget yn iepenbiere libben, bestjoer, ûnderwiis en rjochtspraak*. Dêrnjonken sil der yn Frysktalige tillevyzje-stjoerder komme moatte ûnôfhinklik fan it Nederlânsk mediabestel.’

<sup>15</sup> *Oanfalsplan* (2008): ‘De provinsje sil mear dwaan (kinne) moatte as it jaan fan foarljochting, it stimulearjen, aktivearjen en fasilitearjen fan Fryske ynstellings dy’t har mei taal en kultuer dwaande hâlde. De Provinsje sil ek de taalmacht fan it Frysk fersterkje moatte. **Dat wol sizze dat benammen de fersterking fan de ekonomyske betsjutting en wearde fan it Frysk de basis fan it taalbelied fan de provinsje wêze moat. Dat kin net sûnder in fierdere ferankering en fersterking fan de wetlike posysje fan it Frysk en it foech fan de Provinsje Fryslân om dêroer te kedizen.** Dat betsjut dat it Frysk yn guon domeinen (bgl. ûnderwiis, oerheid, rjocht, soarch en wolwêzen, guon media) de *earste* taal wurdt (net de iennichste), wêrby’t foar de meiwurkers it Frysk in funksje- en beneamingseask is. De Friezen hawwe neat oan rjochten, as dy ek gjin plichten foar dy meiwurkers meibringe om it Frysk ek faak en geregeld te brûken yn de oanbelangjende domeinen. Dat hâldt neffens ús ek yn dat it foech om op it mêd fan de eigen (Fryske) taal en kultuer regels te stellen en wetten te meitsjen, fan it Ryk nei de Provinsje oergean moat. Wy tinke dat in oerkoepeljende taalwet dêrta bydrage kin en dat it Frysk yn de Grûnwet moat om in goede basis te foarmjen foar oare konkrete taalwetjouwing’ (‘Gearfetting’, s. 4).

<sup>16</sup> Philippe Van Parijs, *Linguistic Justice for Europe and for the World* (Oxford: University Press, 2015; 300 siden), benammen de siden 146-149, 174: ‘For a language to be more than a folklore queen, it needs to keep or get hold of a territory. This may or may not trigger or strengthen centrifugal forces that will lead to full independence of the linguistically defined territories. The political entities that currently exists are not sacrosanct, and in some cases full independence may be the best option, or at least the highest degree of national independence that is compatible with belonging to a European Union that provides a single market and a common currency’ (s. 148). Van Parijs is in gesachhawwend polityk filosoof dy’t ek ekonomy, rjochten, sosjology en linguistyk studearre hat.

12. *Goede rânebetingsten foar meartalich ûnderwiis.* Ik achtsje dat in goed advys as der genôch garânsjes ynboud wurde foar in folweardich plak fan it Frysk binnen dy rânebetingsten (de rânebetingsten foar it Nederlânsk binne al bûtenwenstich goed en ek it Ingelsk hat dêrbinnen al in hege status en in goed wetlik plak, bgl. as ferplichte eksamenfakken!). Benammen it ûntwikkeljen fan yntegraal trije-/of meartalich lesmateriaal foar in grutte rige fan fakken mei in *minimaal oanpart* fan 35% fan it Frysk dêryn, achtet ek de FFU sa'n betingst. Soks soe eksplisiter en konkreter formulearre wurde moatte. De provinsje soe dêr it folsleine foech ta hawwe moatte.

13. *Meartaligens as kwaliteit en doel moat ûnderdiel wurde fan it belied fan IKC/IKA yn de rjochting fan in brede meartaligens.* As it oanpart fan it Frysk dêrmei, eksplisyt formulearre en fêstlein, befoardere en fergrutte wurdt (as earste taal), dan kin it in goed advys wêze. As it Frysk in minderweardich plak kriget, dan is it skealik (sjoch ek boppe).

*Advizen foar de langere termyn:*

*Tema: eignerskip*

14. *Meartaligens eksperiminteel ynsette yn in regio.* Dat kin in goed advys wêze as it oanpart fan it Frysk (mei foldwaande nivo en omfang) garandearre is, oars is it skealik. Men moat jin der dêrby bewust fan wêze dat it *begryp* 'eksperiminteel' betiizjend wurket foar âlden en learlingen en ek yn en troch de *útfiering* maklik statusferleegjende gefolgen hawwe kin foar in skoalfak of leargebiet. Soks moat men tefoaren komme.

15. *It opsetten fan in meartalige learare-oplieding en PABÛ.* As der garandearre wurdt dat it oanpart fan it Frysk net minder is as dat foar it Hollânsk, dan is it in goed advys.

*Tema: ynklúzje (ferbining/gearwurking)*

16. *Fryslân as ekspertizesintrum fan meartaligens yn en foar Nederlân.* As der garandearre wurdt dat it oanpart fan it Frysk tige sprekken lije kin, dan kin it in goed advys wêze, oars is it skealik.

*Tema: kwaliteit/kontinuïteit*

17. *It 'Grip op kwaliteit'-projekt trochsette foar it ûntwikkeljen fan mear ynstruminten, learmiddels en toetsen foar it Frysk.* Is in goed advys as de ferbining mei it Ingelsk en Hollânsk lein wurdt yn *yntegraal* trijetalige learmiddels (mei in *dûbelde* yntegraliteit fan teksten/paragrafen yn (1.) de [inoar ôfwikseljende] trije talen en (2.) fan de terminology fan dy talen út de ûnderskate fak- en leargebieten [binnen dy teksten] neistinoar te setten en te brûken), sadat de ferskillen en oerienkomsten tusken de talen op alle taalnivo's (fonology, morfology, syntaksis, leksikology, de taalnoarm ensfh.) systematysk en trochgeand op it aljemint komme kinne (sjoch ek: P. Breuker e.o., *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis*, Grins/Ljouwert, 1982).<sup>17</sup>

18. *Gearwurking ûnderwiisynspeksje en provinsje om systematysk it ûnderwiis yn it Frysk as fak en as fiertaal te hifkjen.* Op himsels in goed advys, mar it freget om in neiere útwurking yn de foarm fan in toetsingsramt foar it geregeld en *tagelyk yn de tiid* mjitten fan it Frysk en it Nederlânsk. Dêrby moatte oan it Frysk gjin mindere easken steld wurde as oan it Hollânsk.

19. *Oanpassing fan de WPO om it foech Frysk in sterkere wetlik basis te jaan neffens analogy fan it foech gymnastyk.* Dat liket my in hiel goed advys.

20. *Wetlike basis foar it Frysk yn it fuortset ûnderwiis fersterkje.* Dy wetlike basis moat yndied fersterke wurde en derta liede dat *op syn minst* twa oeren wyks Frysk yn alle

<sup>17</sup> Pieter Breuker, Jan Griffioen, Jarich Hoekstra, Willy van der Meer, Bouke Oldenhof, Pieter Pietersen, Alex Riemersma, Geart de Vries, *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis* (Grins-Ljouwert: Frysk Ynstitút R.U.G-AFUK). Benammen haadstik 5 'Konstrastive analyse en Frysk taalûnderwiis' (s. 43-64) is fan grut belang en soe fierder útwurke moatte om ek in goede ferliking mei it Ingelsk mooglik te meitsjen.

foareksamenklassen jûn wurde. It Frysk as kareksamenfak oanbiede is nét foldwaande. It Frysk moat in normaal, ferplichte eineksamenfak wurde foar eltsenien, lykas by it Nederlânsk (en it Ingelsk). It ‘lykweardigens- en lykberjochtingbegjinsel’, dat in wichtich útgongspunt is fan it provinsjaal taalbelied, moat ek hjirby omset wurde yn konkrete wet- en regeljouwing. Op dit nivo dus likemin diskriminaasje fan it Frysk tastean. Mei minder kin it op de wat langere termyn echt net ta. Soks sil tagelyk in grutte stimulâns betsjutte om it foartrajekt serius oan te pakken en ta foldwaande kwaliteit en kontinuïteit te kommen.<sup>18</sup>

Faaks hat it doel en resumearje de doelstellings fan de FFU op dit plak, dan is in ferliking mooglik tusken it *Dingtiid*-advys en wat de FFU al hiel lang (konkreet) nedich achtet foar it ûnderwiis yn it Frysk.

### **Wat wol de FFU ek al wer?**

Wy wolle hjirre nochris koart gearfetsje wat de *Feriening Frysk Underwiis* needsaaklik achtet om it Frysk (yn it ûnderwiis) te hoedzjen en te noedzjen (op ús FFU-webstek sjogge jimme wiidweidiger wat wy krekt wolle en wat wy dêrfoar dogge of dien hawwe: [www.ffu-frl.eu](http://www.ffu-frl.eu)):

- 1. It Frysk moat de earste taal wurde yn Fryslân, dus ek yn it ûnderwiisdomein. Dat hâldt ûnder mear yn dat it Frysk yn it eigen taalgebiet in normaal, folslein akseptearre, mûnling en skriftlik kommunikaasjemiddel wurde moat en as sadanich yn it meartalich ûnderwiis as fak en as fiertaal in folweardich plak fertsjinnet.

- 2. It Frysk moat in ferplichte (eksamen)fak wurde foar alle learlingen yn Fryslân en in ferplichte ynstruksjetaal (by guon oare fakken) yn it algemien foarmjend ûnderwiis (foarskoalsk ûnderrjocht, basis- en fuortset ûnderwiis, spesjaal [fuortset] ûnderwiis) en it beropsûnderwiis (mbû en hbû). De foarderings fan de learlingen yn de Fryske taal en de Fryske skiednis moatte folge wurde mei in noarmearre, falide en betrouber learlingfolch- en toets(ings)systeem.

- 3. De keardoelen en eksameneasken foar de Fryske taal, kultuer en skiednis moatte lykweardich wêze oan de keardoelen en eksameneasken foar it Hollânsk (Nederlânsk) en de Hollânske (Nederlânske) skiednis. It foech dêroer moat by de provinsje Fryslân lizze.

- 4. Op it nivo fan de skoalle as organisaasje moat it Frysk yntern en ekstern mûnling en skriftlik folweardich (oan it Hollânsk) funksjonearje (bgl. yn de administraasje en korrespondinsje, op buordsjes en paadwizers, opskriften, brievepapier ensfh.). Dy ‘sichtberenseask’ moat ien fan de bekostigings- en subsydzjebetingsten wêze.

- 5. De Fryske learare-opliedings foar it basis- en fuortset ûnderwiis moatte twa- of trijetalich funksjonearje, mei in plak foar it Frysk as fak en as ynstruksjetaal dat net minder is as dat fan it Hollânsk (Nederlânsk) en it Ingelsk. De dosinten/oplieders dy’t it Frysk as ynstruksjetaal brûke by oare fakken as it fak Frysk, moatte it Frysk sels ek op in goed nivo behearskje (Afûk-diploma C of ferlykber nivo as ûndergrins).

- 6. De learmiddels foar it twa- of trijetalige basis- en fuortset ûnderwiis (ynklusyf it spesjaal ûnderwiis) moatte it Frysk yntegraal in op syn minst lykweardich plak jaan oan dat fan it Hollânsk en it Ingelsk (oanpart 35% of mear). De trije talen yn dy yntegrale learmiddels moatte ûnderling systematysk ferlike wurde op ferskillen en oerienkomsten.

- 7. Alle ûnderwiisynspekteurs en ûnderwiisbegelieders dy’t (ek) yn Fryslân har wurk dogge, moatte it Frysk aktyf mûnling en skriftlik op in foldwaande nivo behearskje en in goede kennis hawwe fan de Fryske kultuer en skiednis (Afûk-diploma C of ferlykber nivo as ûndergrins; ferl. ek ús Oanfalsplan, noat 66, s. 67-68).

- 8. Nije ynkommelingen/migranten yn Fryslân moatte it Frysk op syn minst ferstean en lêzen leare en dat oantoane kinne (bgl. troch it op in foldwaande nivo ôflizzen fan noarmearre,

<sup>18</sup> Mei tank oan Tom Dykstra en Friduwih Riemersma foar harren krityk op en suggestjes foar eardere ferzjes fan myn ‘Kanttekenings’. Harren opmerkings hawwe fertuten dien.

falide en betroubere toetsen). Dy taak soe troch de Afûk útfierd wurde kinne.

- 9. Der soe mear (wetlike en feitlike) romte komme moatte foar learlingen bûten Fryslân om op skoallen bûten ús provinsje (op oanfraach fan de âlden) Frysk te kiezen. Ek oare talen as Nederlânsk en Ingelsk (oeral ferplichte fakken) besykje oer it hiele lân op dat stik mear rjochten te krijen, wêrby't nije digitale mooglikheden en ôfstânsûnderwiis dat yn de praktyk realisearje kinne. Der sille yn it him ûntwikkeljende Europa (EU) mear taalrjochten komme moatte foar de lytse(re) autochtoane talen, wol it biedwurd 'ienheid yn ferskaat' gjin lege dop bliuwe en wolle dy har steande hâlde kinne foar de oerhearskjende talen oer.

### **Konklúzje(s)**

It gehiel fan it advys oersjende, achtsje ik it gehiel noch te frijbljuwend. It ferwachtet te folle fan it biedwurd 'meartaligens', want dat kin ek hiel skealike kanten hawwe. It set boppedat net genôch yn op de echte knypunten: de tekoartsjittende wet- en regeljouwing fan it Ryk, it net of amper neikommen fan ynternasjonale ferdraggen en it ûnfoldwaande foech dat troch it Ryk oerhevele is nei de provinsje Fryslân. Ek moat neamd wurde de te grutte ynfloed fan de skoallebestjoeren en -direksjes om de emansipaasje fan it Frysk te frustrearjen en sadwaande it rjocht op goed en foldwaande ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer (ynklusyf de Fryske skiednis) op te kearen.

Oer it net neikommen troch de steatsnasjonale oerheid fan it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* hawwe wy yn in aparte analyse omtinken jûn en dat is ek oan *Dingtiid* (en de Provinsje) tastjoerd om dêr neier op yn te gean.<sup>19</sup> De Provinsje (deputearre Poepjes) hat dêrta (op 14-02-2017) in útnûging oan de FFU útgean litten.

Ek de needsaak ta it oanpassen fan de 'Wet op de Ekspertizesintra' (WEC, spesjaal ûnderwiis) hawwe wy ûnderskate kearen by *Dingtiid* (en syn foargongers) en it Ryk op it aljemint brocht (sjoch de noat oer it oanbelangjend e-postferkear mei alle taheakke stikken en artikels oan *Dingtiid*), mar dêr is ynhâldlik oant no ta nea op reagearre.

As de Europeeske wetjouwing (*Hânfêst*) op dit stik in echt direkte wurking hawwe soe, dan hie de ferplichting ta it 'aanmerkelyk en integrerend deel', dy't yn kêst 8 troch Nederlân akseptearre is, ek yn de Ekspertizesintra foar spesjaal ûnderwiis (de WEC-skoallen) dochs al lang ta útfiering brocht wurde moatten? De hope dat dy FFU-winsk fandatoangeande konkreet yn it *Dingtiid*-advys ta útdrukking brocht wurde soe, is likemin útkommen. Ik achtsje dat tige teloarstellend en frustrearjend.

Ik moat, al ferlykjend, konkludearje dat it advys fan *Dingtiid* op ûnderdielen de saak fan it Frysk yn it ûnderwiis grif foarútbringe kin, mar dat it lang net folslein is en op guon plakken net konkreet genôch.

Dêr soe in nij en twadde advys dan foar brûkt wurde moatte ...

### **Literatuer**

- Boelens, Krine & A. Feitsma, L. Pietersen, P.W. Pietersen, R. Straatsma, G.H. Vledder en K. Zondag, *Twatalligens; ynlieding yn ûnderskate aspekten fan twatalligens*, Ljouwert: AFUK, 1981 (3<sup>de</sup> printinge, 270 siden)  
- Breuker, Pieter & Jan Griffioen, Jarich Hoekstra, Willy van der Meer, Bouke Oldenhof, Pieter Pietersen, Alex Riemersma, Geart de Vries, *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis*, Grins-Ljouwert: Frysk Ynstitút R.U.G-AFUK, 1982.

<sup>19</sup> Sytze T. Hiemstra, 'It "Europeesk Hânfêst" en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid ta it oanspannen fan juridyske prosedueres' (Drachten, 20 jannewaris 2017; 27 siden).

- European Charter for Regional or Minority Languages, *Application of the Charter in the Netherlands, 5<sup>th</sup> monitoring cycle*. A. Report on the Committee of Experts on the Charter (adopted on 16 June 2016), B. Recommendations of the Committee of Ministers of the Council of Europe on the application of the Charter by the Netherlands (adopted on 14 December 2016) (36 siden).
- *Oanfalsplan Frysk. Nei in fersterking fan de posysje fan it Frysk yn alle maatskiplike domeinen*, gearstald troch drs. Sytze T. Hiemstra (skriuwer Feriening Frysk ûnderwiis, einredaksje) yn de mande mei drs. P. Bergsma (Pedagogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy), dr. J. van der Bij (foarsitter Ried fan de Fryske Beweging), drs. T. Dykstra (foarsitter Feriening Frysk ûnderwiis), prof. dr. R. Salverda (direkteur Fryske Akademy), dr. R.W. Valk (skriuwer Ried fan de Fryske Beweging), Drachten/Ljouwert, 2de útwreide printinge 2008 [100 siden].
- Dykstra, T. (foars. FFU), ‘Emansipaasje of it hanthavenjen fan de status-quo?’, yn: *Swingel*, nû. 48, april 2016, s. 9-11.
- *Europees handvest voor regionale talen of talen van minderheden 2012-2014. Vijfde periodieke rapportage inzake de maatregelen door Nederland getroffen met betrekking tot de implementatie van het Handvest*, 2015.
- Hiemstra, Sytze T., ‘It Frysk yn it Spesjaal ûnderwiis; in ûnderwiistragedzje’ (Ús eigen Taal [19]), yn: *Nij Frisia. Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse*, jrg. LXIV, nû. 2, juny 2016, s. 9-15.
- Hiemstra, Sytze T., ‘Jongfriezen yn aksje foar ûnderrjocht en foarming yn it Frysk (I): 1915-1945’ (s. 17-45); ‘Jongfriezen yn aksje foar ûnderrjocht en foarming yn it Frysk (II): 1945-1975’ (s. 61-90); ‘Jongfriezen yn aksje foar ûnderrjocht en foarming yn it Frysk (III): 1975-2015’ (s. 119-150), yn: *Nij Frisia*, jubileumnûmer ‘Hûndert jier Jongfryske Mienskip’ (jrg. LXIV, nû. 4, 2015, 152 siden).
- Ried fan de Fryske Beweging: *Manifest: Eigen taal ... earste taal!* (It Hearrenfean, 16 novimber 1991).
- Van Parijs, Philippe, *Linguistic Justice for Europe and for the World*, Oxford: University Press (2015; 300 siden).
- Van der Schaaf, Sjoerd, *Skiednis fan de Fryske biweging*, Ljouwert: De Tille, 1977.
- Zondergeld, Gjalt R., *De Friese Beweging in het tijdvak der beide wereldoorlogen*, Leeuwarden: De Tille, 1978 (proefskrift).
- Zondag, Koen, *Lange oanrin, koarte sprong. Twatalich ûnderwiis yn Fryslân tusken 1800 en 1980*, Ljouwert: Fryske Akademy, 2011.
- Zondag, Koen, *Annotearre bibliografy by Lange oanrin, koarte sprong*, Ljouwert: Fryske Akademy, 2015.

*Drachten, 26 maart 2017,*  
*drs. Sytze T. Hiemstra*